

# Dorpscanon van Folsgeare

Doarpshuis “Yn’e Lijte”

---



© Foto voorblad: Wytske Heida

## Doarpshuis “Yn’e Lijte”

Yn Folsgeare is al jierrenlang in diskusje geande om in plak te sykjen wêr't de doarpsbewenners by elkoar komme kinne. Hjirfoar wurdt yn 1974 in gebou fan'e tsjerkfâdij kocht. It pân stammet út 1843 en hat jierrenlang tsjinst dien as skoalle en ûnderwizerswenning. It gebou hat ek noch in tal jierren as beukerskoalle yn gebrûk west.

De tsjerkfâdij ferkeapet it gebou ûnder trije betingsten:

- De keapsom is 5000 gûne
- It gebrûk as doarpshûs moat rêstich en fredich wêze
- De tsjerkfâdij moat tastimming jaan by alle feroaringen

Under lieding fan Johan van der Wal, destiids de foarsitter fan'e “Werkcommissie Dorpshuis Folsgeare”, wurdt it pân mei meiwurking fan in soad frijwilligers omtsjoend ta doarpshûs. Foar de namme fan it doarpshûs waard in priisfraach útskreaun dy't wûn waard troch Mevr. Cnossen-Piersma. De namme waard “Yn 'e Lijte “. De ferklearring hjirfoar wie dat je binne sitte koene, “yn 'e lijte” en het pân stiet “yn 'e lijte” fan'e tsjerke mei syn sealtektoer. De iepening wurdt dien troch de doetiidske boargemaster Cazemier fan Wymbritseradiel.

# Dorpscanon van Folsgeare

Doarpshuis "Yn'e Lijte"

---



Op de foto de iepening fan it earste doarpshûs troch boargemaster B.W. Cazemier van Wymbritseradiel. It famke op'e foto is Sietske Wiersma



It docht bliken dat it doarpshûs temjitte komt oan in ferlet en funksjonearret goed.



De biljertklub "Yn'e Lijte" is yn 1974 oprjochte trochte troch Twijnstra, Sweering en Boonstra.

Op'e foto mei biljerters fan links nei rjochts : Jan Twijnstra, Ulbe Bonnema ( oan'e taap ), Wybren Sweering en Wieger Boonstra ( foarsitter)

# Dorpscanon van Folsgeare

Doarpshuis "Yn'e Lijte"



It skoalbestjoer fan links nei rjochts: Thomas Posthuma, Ate Speerstra, Geert Kroes, Yke Boschma

Yn 1974 hie it doarp likernôch 190 ynwenners. Troch de nijbou dy't dêrnei op gong kaam, hie it doarp yn 1985 al in 350 ynwenners wat hast in ferdûbeling is. Dat it mei gjin wûnder wêze dat it besteande pân as doarpshûs te lyts wurden wie. In aktiviteit as toaniel koe dêr net útein sette fanwege te min romte. Underwilens wie der yn 1981 mei in soad "eigen ynset" in nij sportfjild oanlein.. It âlde sportfjild wie opoffere oan'e nijbou dêr't Ekersein boud is. It keatsen en it fuotbaljen waard yntinsiver, lykwols de klaai- en toiletromten foldogge net mear oan'e easken. It besjoer fan'e " Stichting Dorpshuis Folsgeare" kaam ta de konklúzje dat in nij doarpshûs yn kombinaasje mei klaaigelegenheid en dûsromte foar de bûtensport mooglik wie by it sportfjild.

It bestjoer gie yn oerlis. Tegearre mei de gemeente Wymbritseradiel en de "Stichting Samenwerking van Dorpshuizen" yn Fryslân kaam de oplossing: it bouwen fan in nij doarpshûs.



Yn july 1988 waard de earste stien lein troch dhr. J van der Wal, doe foarsitter fan doarpsbelang.



# Dorpscanon van Folsgeare

Doarpshuis "Yn'e Lijte"

---

Mei de help fan in soad frijwilligers koe it nije doarpshûs "Yn 'e Lijte" feestlik yn gebrûk nommen wurde.

It doarpshûs mei it sportfjild,  
sjoen fan siden.



Nei in yngeande renovaasje yn 2002 is it doarpshûs wer klear foar de takomst. De weriepening wie dan ek in feestlik barren.



De twadde iepening waard dien troch  
Wout Zijlstra mei de bern fan it doarp.

It doarpshûs wurdt brûkt foar útienrinnende aktiviteiten, lyk as û.o. it biljerten, toaniel ( ek jongerentoaniel, it klaverjassen, hâlden fan gearkomsten en ( famylje) feesten. Yn 2019 is it gebou foarsjoen fan in tal duorsume oanpassingen, lyk as sinnepanielen en is hielendal opknapt.

# Dorpscanon van Folsgeare

Doarpshuis "Yn'e Lijte"

---

## **Colofon**

*Tekst: Atse Bruin*

*Bewurking en oersetting: Wytske Heida*

*Foto's: Atse Bruin, Wytske Heida, db Folsgeare*

*Zie voor meer informatie:*

*Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.*